

Brêge-oerseters, in-between-translations

Jantsje Post

Summary

The following is a transcript of a reading for the Frisian Academy's First Conference on Frisian Humanities (Second Conference on Frisian Literature) in April 2018. In my talk, I describe some aspects of the translation process, more specifically the use of in-between-translations. The translation process was more complex than usual as it involved not only the author and the translators into English, but also Jetske Bilker and myself as native speakers of the original Frisian language and the bridge translation into Dutch which wy provided. The anthology referred to in my talk is Swallows and Floating Horses: An Anthology of Frisian Literature, edited by Ernst Bruinsma, Alþita de Jong and André Looijenga (London: Francis Boutle, 2018).

Myn namme is Jantsje Post. Yn 'e mande mei Jetske Bilker ha ik de *in-between-translations* makke – wy wiene dus de 'brêge-oerseters'. Dêr giet it yn dit artikel oer. Yn it wurd 'brêge-oersetter' leit it pleonastyske karakter fan dy term al hielendal besletten: fertalers binne ommers per definysje brêge; wy sette oer, tusken talen, tusken kultueren, tusken tiden soms ek; yn dit projekt alle trije. Mar de iene brêge is de oare net. Besjoch deselden hjirûnder mar ris!



Yn dit gefal wiene wy dûbelop brêge, of better, wy moasten net allinnich ús eigen brêge bouwe – de teksten oersetten – mar ek ús Ingelske kollega's fan ark en materiaal foarsjen om hár brêgen te bouwen. Fragen dy't ik hjir beânurdzje sil, binne: hoe binne wy te wurk gien; en wat wie der oars as oars by it fertalen, en hat it ek fan ynfloed west op ús fertaalpraktyk; hawwe wy derfan leard?

De praktyske en logistike kant fan de saak hat haadredakteur Ernst Bruinsma al út 'e doeken dien, dat nei de ferdieling koe it wurk begjinne: tekst opdijpe út 'e dropbox en oan it wurk. Ik lê sels in tekst dy't ik oersetse moat om te begjinnen altyd lûdop oan mysels foar, om fieling te krijen mei sfear, ritme en melody. Yn dit gefal wie dat foar de Ingelske kollega's ek handich: om te hearren hoe't it Frysk klinkt, soms fersteane je it dan noch better as wannear't je lêze – hielendal mei alle ferskillende staveringen yn dizze blomlêzing, dat is foar immen dy't it Frysk krekt oan it learen is wol in ekstra komplikaasje. Dêrom naam ik it foarlêzen op en dy opnames sette ik dan ek wer yn 'e dropbox. Guon fan de kollega's hawwe tankber gebrûk fan dy lûdopnames makke, oaren minder. Ik ha begrepen dat it benammen by de poëzy nuttich wie. Uteraard fanwege de belangrike rol fan melody en klank.

Hoe gong it fierder, wat wie no krekt dat ark en materiaal dat wy de Ingelske kollega's oanriken? Dat sil ik oan 'e hân fan in pear foarbylden taljochtsje.

Earst efkes dit: der wie fansels ferskil tusken proaza en poëzy. Benammen by de foarmfêste poëzy ha wy ús beheind ta it meitsjen fan safolle mooglik lêtterlike fertalingen, saneamde wurkfertalingen – en it wie dan prachtich om te sjen hoe't ús kollega's as wiere algemisten mei taal, der hiele nije Ingelske gedichten fan makken.

Mei it proaza gongen wy yn prinsipe op deselde manier te wurk as oars, dat wol sizze wy setten de teksten sa oer, dat se ek selsstannich publisearre wurde kinne soenen en dat de lêzer fan de oersetting it gefoel krijt dat de tekst yn syn of har eigen taal skreaun is. Dat hâldt yn dat je keuzes meitsje moatte, soms mei pine yn 't hert in bepaalde assosjaasje, in betsjuttingsnuânse, in wurdgrapke falle litte om oan de lêzer fan de doelttekst temjitte te kommen of om't it domwei net te fertalen is. Dat is altyd dreech, mar Jetske en ik wienen it deroer iens dat je dat mei oersetten út it Frysk noch sterker ha, dy pine yn 't hert om wat net oer te setten is.


Hiele petearen hawwe wy hân, oer wêr't dat no krekt oan leit. In faktor dêr't wy op útkamen: it Frysk, as minderheidstaal, is, mear as by in 'grutte' memmetaal, sa as it Nederlânsk, de taal dêr't je yn grutwurden binne, de taal fan thús, de taal fan it hert. Der klinkt foar ús yn de wurden folle mear mei as bygelyks yn it Nederlâns. Der binne safolle nuânses, konnotaasjes, reminisinsjes dy't ûnder en tusken de wurden te lêzen binne. Mar it giet fierder, dy ferbining mei de taal: ik neam mar in wurd: 'sinne' of 'moanne' dat binne de wurden dy't je fan heit en mem learden doe't je foar de allerearste kear yn je libben de sinne en de moanne seagen. Dy wurden foelen gear mei it objekt. Dêrom seit it wurd

‘zon’ of ‘maan’ ús minder, of docht it minder mei ús. Sokssawat. Mar soks falt ûnder taalpsychology.

Hoe dan ek, it moaie oan dizze opdracht wie dat wy dwaan mochten wat je as oersetter altyd sa graach wolle, mar noait meie: nei hertelust struie mei noaten om dingen út te lizzen, om ymplisite assosjaasjes yn de tekst eksplisyt te meitsen, om keuzes dy’t je meitsje ta te ljochtsjen, en dan ek oan te jaan wat der allegear ferlern gien is. Op grûn fan dy noaten koenen de kollega’s dan op har bar har eigen keus meitsje.

Fierder wie it oersetten mei tûkelteammen op ferskillende mêden. Sa’t ik krekt al neamde, wy moasten oersetten: tusken talen, tusken kultueren mar ek tusken tiden.

It oersetten ‘tusken talen’, dêr hoech ik net folle oer te sizzen, dat sprekt fansels – foar my kaam dêr ek noch it Noard-Frysk by; ek in aventoer op himsels, mar dêr hat David Colmer al wat oer sein. It oersetten ‘tusken tiden’ wie ek in belangryk aspekt by dit projekt, der wienen in protte âlde teksten. Yn guon gefallen wie it lêzen yn earste ynstânsje mear in kwestje fan ûntsiferjen, lykas hjir yn in gedicht út 1755 fan Simon Jans Althuysen – ien fan de teksten dy’t Jetske op har noed naam, oerset troch Paul Vincent.



Noch in foarbyld fan in âlde tekst: Gysbert Japicx (1666): *Op 't Hôars hoffjen fan jieffer Sibilla fan Jongstal*; ien strofe dêrfan:

Gysbert Japicx

Mar nint're stuw'n, mey stjoer gelaet oer grijmme,
Az d'e âd Camill', dy Fryg' ney Fryg' laey dôl,
In lôacke' allijck in Wrigge' uwt Pluwto's hól,
To dat S'e uwt-blet, fen Aruns pijll' trogfljimme.

Oersetting Douwe Tamminga

Maar nooit flitst in haar blik de blinde woede,
van een Camilla, zaaiend dood en kwel,
een vleesgeworden telg uit Pluto's hel,
tot Arruns' pijl haar trof en zij verbloedde.

Dêr wie al in Nederlânse oersetting fan. Dat kaam oars mear foar – dat wie ek wer in kategory apart: yn guon gefallen hoegden wy der dan net oan te pas te kommen, soms moasten wy dochs noch útlis jaan, en soms ek sels in nije oersetting meitsje. Of, by foarmfêste poëzy woenen de kollega's dochs graach ek in letterlike oersetting hawwe, sadat se presys wisten wat der stiet en mear materiaal hienen om har eigen fynsten te dwaan, om it rymjend te krijen. Yn dit gefal wie der dus in knappe oersetting fan Douwe Tamminga, mar dy wykt fansels fanwege de rymtwang wol ôf fan it orizjineel.

Oersetting Douwe Tamminga

Maar nooit flitst in haar blik de blinde woede,
van een Camilla, zaaiend dood en kwel;
een vleesgeworden telg uit Pluto's hel
tot Arruns' pijl haar trof en zij verbloedde

Wurkoersetting Jetske Bilker mei noaten

Maar nooit¹ met een stoef gelaat van boosheid.
zoals eerder Camilla², die Frygiër na Frygiër neermaaide³
en keek als een helhond⁴ uit Pluto's hel
tot ze uitbloedde, door Aruns pijl doorvlijmd

1 Letterlijk: geen enkel uur.

2 Letterlijk: als de oude Camill.

3 Die Frygiër na Frygiër legde neer (of af).

4 Een wrigge staat voor 'kwaad', monster; bedoeld wordt de Cerberus.

Dit is dus in foarbyld fan hoe't sa'n wurkfertaling der útsjocht en hoe't David McKay dêr tankber gebrûk fan makke om syn eigen keunstige brêge te bouwen. As it boek der aansen is, moatte jim it hiele gedicht mar lêze, en ek de oare teksten. Prachtige oersettingen binne it wurden.


Wurkoersetting Jetske Bilker

Maar nooit met een stoef gelaat van boosheid
zoals eerder Camilla, die Frygiër na Frygiër neermaaide,
en keek als een helhond uit Pluto's hel,
tot ze uitbloedde, door Aruns pijl doorvlijmd

Fertaling David McKay

But not once do her eyes turn hard and narrow
as did Camilla's, mowing, the Phrygians down,
as fierce as Pluto's many-headed hound,
until she perished, lanced by Aruns' arrow

Wy kriegen dus fotokopyen fan de orizjinelen, mar gelokkich wie der dan meastal ek in oertypte ferzje fan: hjir in fragmint út in brief út 1795, fan in menistedûmny, dy't syn gemeenteleden it mannewaar opseit:



De tekst begjint mei de sin: 'Ik ha mij al langer stil hâlden as ik koe, mar nou moat ik it jimme ris tige sizze, jimme dogeneaten dy't jimme binne. Jimme gongen der oan 'e hoasbânen ta yn lâns.' Foar sa'n tekst moast ik dan ek yn 'e skiednis dûke. Gelokkich koenen wy dêrby ek de help ynroppe fan de gearstallers, Alpita de Jong en André Looijenga, wat de âldere teksten oangiet. Yn dizze brief siet trouwens ek in moai foarbyldsje fan it oersetten tusken kultueren: kulturele konnotaasjes dy't taljochte wurde moasten:

No bin jim allejerre as grutte kriegshelden en prate oos nergens van stekken en brekken en oorlogjen, der uus aode Minnoom uis dat op hals en keel vorbien hit en uis sa warschouwe om it zwud lisse te letten, mar t schynt of t jimme er ma niks om jouwe.

‘Minnoom’: ntl. dat suffiks ‘-om’ stiet foar omke, dus ‘Oom Menno’. Soks moat net altyd letterlik opfette wurde, want it hat gauris in affektive lading. Michele Hutchingson hat der dit fan makke:

Now you are all big war heroes and talk about nothing other than stabbing and breaking and waging war, even though good old Menno Simons strongly forbade it, and warned us to leave the sword untouched, but it seems that you don't care about that.

En dan wiene der fansels in hiele soad realia, oftewol konkrete saken dy't útlein wurde moasten: – bygelyks dat ‘Sperkhem’ in earne folkswyk yn Snits is; of it fenomeen ‘Fryske Krite om utens’; of wat is krekt in rûchskerne, wat moat ik my by ‘kowerútsjes’ foarstelle en wat betsjut it as immen ‘kowerútsjes telt’. Of wat is it ferskil tusken it ‘grut’ en it ‘lyts bûthús’? Dat kaam foar yn *It Faderpaard* (1995) fan Tsjêbbe Hettinga, dat oerset is troch Susan Massotti.

*Fljocht, yn in grot fan in lytsbûthús, in opstoppe krie
Mei in rûker pauwefearren yn de stoffige snaffel
Foar in pikswarte Harley út, en in man yn it lear
Mei in silinderkop, taast nei in faam yn in pleats, in helm*

*Dy't, fol stof, op de boppeste stâl fan in grutbûthús
Hinget, oan in each yn in balke dy't yn spreuken redet:
'En gjin grutter fertriet as it oantinken oan it lok
Yn tiden fan ellinde.'*


Yn dit gefal wie der ek in moaie Nederlânske oersetting, fan Benno Barnard en die wie troch Tsjêbbe sels autorisearre. Mar dochs hie Susan ek ferlet fan mear ynformaasje oer wat der yn en ûnder en tusken de rigels stiet – se hat earder wurk fan Tsjêbbe oerset en wie wend om alle tûkelteammen mei him oan 'e keukentafel troch te praten – dat koe no net mear. En dat hawwe wy no tegearre dien.

Lykas yn it foarige foarbyld fan Gysbert Japicx en Douwe Tamminga, hie Barnard syn fertaalkeuzes ek makke en foar Susan wie it handich om safolle mooglik materiaal by de hân te hawwen om har brêge bouwe te kinnen. By Tsjêbbe is it net it rym, mar de struktuer fan de rigels en

de strofen; it oantal lettergrepen komt hiel krekt. En boppedat woe se graach sa krekt mooglik witte hoe't se har de dingen foarstelle moast; bygelyks it ynterieur fan in boerepleats.

By Barnard wiene it grut en lyts bûthús 'groot en klein koehuis', 'de boppeste stâl fan in grutbûthús' wie 'het groot koehuis naast de woning' – dat rôp likegoed noch fragen op. Foar dit soarte fragen haw ik in handige ynformaasjeboarne ticht by hûs: ús heit, boer west, leafde foar details en foar taal, én op leeftyd, dat hy wit de âlde wurden noch.

Us heit makket graach tekeninkjes, en dy stjoerde ik dan wer troch oan Susan.



Hjir rjochtsûnder ha wy dus de 'boppeste stâl' en in stâl is dus wat oars as it Nederlânske 'stal'. En hjir it lyts bûthús, dêr't it jongfee stie. En sa hat Susan it úteinlik oerset:

Tsjêbbe Hettinga

Fljocht, yn in grot fan in lytsbûthús, in opstoppe krie
Mei in rûker pauwefearren yn de stoffige snaffel
Foar in pikswarte Harley út, en in man yn it lear
Mei in silinderkop, taast nei in faam yn in pleats, in helm

Dy't, fol stof, op de boppeste stâl fan in grutbûthús
Hinget, oan in each yn in balke dy't yn spreuken redet:
'En gjin grutter fertriet as it oantinken oan it lok
Yn tiden fan ellinde.'

Translation: Susan Masotti

Flies out of the dark cave of a calf pen

With a bedraggled bouquet of peacock feathers in its dusty beak
Ahead of a jet-black Harley cylinder head who hopes
To grope his way towards a girl in a farmhouse and a helmet

Full of dust, hanging *in the cow stall closest to the house*

On a bent nail hammered into the eye of a beam that speaks
In proverbs: "There is no greater sorrow than to recall
Happiness in times of misery.

Mar it binne net allinnich de wurden, it is ek de sfear, de roken, de lûden en it lânskip, dy't oersetters nedich ha om bepaalde idioomfjilden yn harsels oan te boarjen, om ynspirearre te reitsjen. Hoe rûkt it yn in bûthús, hoe fielt it om de seedyk op te rinnen en it 'breed spiegeljend ûntwyk' fan it Waad lizzen te sjen, hoe heech binne de Fryske loftten? Wy wienen al fan doel om in kear by elkoar te kommen. Ik wist by ús yn Winaam oan 'e Foarryp in boer dy't in fakânsjehûske ferhiert en boppe-dat ek noch in âlderwetsk Frysk bûthús hat. Dat like de ideale lokaasje foar in wurkwykein.



Sa koenen de kollega's út de Randstad *live* in rûchskerne meimeitsje (it boppesteande wie har útsjoch!) en in gedicht as *Hongersimmer* 1972 fan Riets Gratama, oer de wykeintoeristen dy't yn 'e santiger jierren massaal de Ofslútdyk oerkamen, lêze mei nije eagen, earen en noas:

Op freed nei fiven komme se nei 't Noarden setten
Yn pearse einen, reade Fords, Opel-kadetten
Ut 'fase drie' op nei it bêste lân fan 'e ierde
Fan Rotterdam, Den Haach en Mokum nei de miede

Hongersimmer 1972

De Ófslútdyk, it monumint:

'Een volk dat leeft, bouwt aan zijn toekomst', 't sjit al op,
Noch tsien minuten en se binne op 'e 'kop'

Hongersimmer 1972

As Makkum, Cornwerd, Pingjum lâns de ruten glide

Komt stadich swietrook yn it plak fan monoxyde

En besykje se 't Botlek-boarst mei dong-lucht fol te pompen


De lêste rigels fan dit gedicht binne yn de oersetting fan David Colmer wurden:

*As Makkum, Cornwerd and Pingjum slide past the windows
Instead of fumes, the smell of fresh clean country air grows
and suck the lovely smell of dung
deep down into their petrochemicalised lungs*

En, fertelde David letter, doe't er op it hiem fan it fakânsjehûske út de auto stapte, kaam him dy rigel yn it sin: 'Besykje 't Botlek-boarst mei dong-lucht fol te pompen'. En miskien meitsje ik it wol al te moai, as ik derby tink dat doe ek mei-iens de ynspiraasje foar de oersetting kaam:

*and suck the lovely smell of dung
deep down into their petrochemicalised lungs*

Sa hawwe Jentske en ik ús Ingelske kollega's dus Fryslân sjen litten, en koenen se alles mei eigen sintugen rûke, hearre, sjen en fiele.



Hjirboppe is it it bûthús te sjen.

Us Ingelske gasten hawwe sels swommen yn ús see, en net allinnich Fryske hynders aaid, mar ek it burdsje fan Gysbert. Boalsert en it Gysbert Japicxhûs wiene fansels in *must*:



Al mei al wie it foar Jetske en my in grutte wille en in ear om gear te wurkjen mei dizze kollega-oersetters. Moai ek, dat sokke fakminskten mei sa'n soad gefoel en leafde foar taal har mei ús literatuer dwaande hâlde – en it wie o sa learsum ek. Bygelyks it soart fragen dat se stelden by de teksten, by ús oersettingen ek, hat ús noch bewuster makke fan ús eigen taal en alle reminisinsjes. En wy wienen faak wei fan harren oersettingen. Net allinnich de poëzy, ek it proaza, op de ien of oare manier klonk it yn it Ingelsk faak folle moaier as yn it Nederlânsk; en soms sêls moaier as yn it Frysk. Hoe't dat komt en wat it ferskil is tusken oersetten út it Nederlânsk of út it Frysk yn it Ingelsk, dêr sille se sels hooplik noch wat oer sizze.

